

Liturgy foar 'e fjirde snein fan Advint 'Rorate Coeli – Dauwt hemelen'

Foarganger: dû. Harrie Strubbe

Oargelist: Lucas Wiersema

Lector: Piet Kroese

24 desimber 2023

Sint Jan, Deinum

-Musyk

-Wurd fan wolkom en meidielings

-Introïtus: Psalm 19: 1 en 3

-F. : De Hear wês mei jim!

-Gem. : Syn frede wês mei jo.

-F. : Us helper is de Ivige

-Gem. : Skepper fan himel en ierde.

-F. : Kom oer mei macht, God

-Gem. : lit jo gerjochtichheid dauje .

-F. : Stean neist ús mei de krêft fan jo goedens,

-Gem. : oerwin troch jo leafde

alles wat Jo takomst opkeart. Amen

-Liet 463: 1 en 5

-Kyriegebed

-Liet 463: 6, 7 en 8

It Advintsprojekt

-Wurd fan 's snein: Lukas 1: 38

Doe sei Maria: Ik stean ta jo tsjinst, Hear, dat it my neffens jo wurden gean mei.

-Liturgyske skikking

-De fjirde kears fan Advint

-Liet 462: 1, 5 en 6

-Vlog út Oekraïne

-Marco Borsato: Speeltuon

-Epistellêzing: Filippiërs 4: 4-9

Wês bliid yn jimme meanskip mei de Hear, altiten.

Ik sis it nochris: wês bliid.

Wurd by alle minsken bekend om jimme freonlikens.

De Hear is tichteby.

Sit nearne oer yn noed, mar meitsje yn alles jimme winsken by God bekend, troch bidden en smeejen, mar noait sûnder Him tank te bringen.

En Gods frede, dêr't wy mei al ús ferstân net by kinne, sil jimme herten en jimme tinken hoedzje en noedzje yn Messias Jezus.

By einsluten bruorren en susters: al wat wier is, al wat earber is, wat rjocht is, wat rein is, wat leaflik is, wat in goede klank hat, alles wat deugd hjit en lof fertsjinnet, jou dêr omtinken oan. Bring yn praktyk wat jimme leard en trochjûn krige, heard en sjoen hawwe yn my.

En God, dy't frede jout, sil mei jimme wêze.

-Liet 450

-Evangeljelêzing: Lukas 1: 26-38

Yn 'e sechste moanne waard de ingel Gabriël troch God stjoerd nei in stêd yn Galilea, dy't Nazareth hjit, nei in faam, dy't fersein wie oan in man, fan namme Jozef, út it hûs fan David, en de namme fan 'e faam wie Maria.

*Doe't er by har kaam yn 'e hûs, sei er: "Wêse groete, be-
genedigde, de Hear is mei dy"*

Hja rekke fan 'e wize by dat wurd en lei by harsels oer, wat dy groetenis ynhâlde mocht.

Doe sei de ingel tsjin har: "Freezje net, Maria, want do hast genede fûn by God. Sjoch, do silst swier wurde en in soan bernje, en do silst him Jezus neame. Hy sil grut wêze en soan fan 'e Allerheechste neamd wurde, en God de Hear sil him de troan fan syn heit David jaan, en Hy sil oer it hûs fan Jakob kening wêze oant yn ivichheid en syn keningskip sil gjin ein oan wêze."

Maria sei tsjin de ingel: "Hoe sil dit wêze, omreden ik gjin mienskip mei in man haw?"

De ingel joech har dit beskie: "De Hillige Geast sil oer dy komme en de krêft fan 'e Allerheechste sil dy oerskaadzje; dêrom sil it hillige, dat berne wurdt, Soan fan God neamd wurde. Sjoch, Elisabet, dyn sibbe, ek dy is op har âlde dei swier fan in soan, en hja, dy't neffens de hjitting ûnfruchtber wie, is al hast seis moanne hinne, want gjin inkeld wurd, dat fan God útgiet, sil sûnder krêft wêze."

En Maria sei: "Sjoch, de tsjinstfaam fan 'e Hear: mei it my gear neffens jo wurd." Doe gong de ingel by har wei.

-Liet 473: 1 en 2

-Utlis en oertinking

-Liet 756: 1, 2, 6, 7 en 8

-Foarbeaen, stil gebed, Us Heit

God fan fier en hein ús Heit
Dat wy hilligje jo Namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde kommen.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek ferjû ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús netr yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo Namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

-Omtinken foar de kollekte

-Slotliet: Liet 445: 1, 3 en 4

-Seine